


160 F 69

9 73



# DÈR WIER RIS... XXX


*Fryske Mearkes*

Ut 'e folkemûle opokroaun


TROCH

S. K. FEITSMA.

*Saunde — op him sels útjorne — Wirkje.*



To WOLVEGEA  
BY F. J. W. POSTHUMA.



Priis 35 ctu.


# Y N H Â L D.

---

I.	Fen trije maten dy mei enoar op reis giene . . .	3
II.	De kibige Matroas . . . . .	8
III.	De sabeare dream fan in Weesjonge. . . . .	12
IV.	Fen de soldaet, dy syn tractemint hawwe woe .	16
V.	De trije Riedlingen . . . . .	22
VI.	De trije Buchelden. . . . .	25
VII.	It Lokbientsje . . . . .	27
VIII.	Ho it Halbe-boer ôfgong, do 't er yn 't iepenbier sprekke scoe . . . . .	32
IX.	Dream of Wierheit? . . . . .	36
X.	De Bitsjoende Parbeam. . . . .	38
XI.	Stoarje van Tomke. . . . .	42
XII.	Lyk om lyk . . . . .	46
XIII.	De spoekjende frijer . . . . .	50

---

„DÊR WIER RIS....”



160. F. 69

160 F 69

„DÊR WIER RIS...“

-----\*

F R Y S K E M E A R K E S

ut 'e folkemûle opekreaun

TROCH


S. K. FEITSMA.

-----  
*Saunde — op him sels útjorne — Wirkje.*  
-----

Priis 35 ctn.



To WOLVEGEA  
BY F. J. W. POSTHUMA.



## I.

### Fen trije maten dy mei enoar op reis giene.

---

Der wierne ris trije spylfeinten, dy woene op in wyld aventûr út. Twa fan hjar wierne iennichst soan, mar de tredde hie yet in broer, dy 't sa sprekking op him like, dat men se net út enoar koe. Elk fan ús maten sei tsjin syn heit: Heit jow my hondert gonne en in hynsder, dat ik op reis gean kin, de wide wrald yn. En do hja dat hiene gyngen se mei hjar trijen op 'e sutel. Mar de iene (ik mien dy 't yet in broer hie) sei foar 't er op reis gong tsjin syn heit: ik scil myn mes yn 'e beam stekke (hy bitsjutte hwersa'ne) bliúwt dit gléd dan scil dat in teiken wêze, dat it goed mei my giet mar as er rustplakken oan sitte, dan is dit in blyk, dat myn libben yn noed is en ik jins helpe nedich ha. De heit onthjitte do dat er hjir om tinke, en d'r alle dagen nei sjen scoe.

Nei 't hja gâns in ein reisge hiene kamen se tsjin 'e joun by in herberge en fregen de kastlein eft hja dêr dy nacht bliúwe koene. Nou ja, dat koe wol, sei de kastlein. Hij brocht hjar elk yn in aparte keamer, hwer se to koai giene. Mar de oare moarns lei ien fan hjarren dea op bêd; hwant dy keamer, dêr hy yn slept hie, wier in spekkeamer, en it spekke hie him de nekke britsen. Mar ús ljûe wisten dat net; de kastlein hie d'r neat fan sein, en him dêr hinne laet om sels feilich to wêzen. Dat hie al gâns minsken sa it libben kostte: hwant alle jounen salang as

de kastlein dêr wenne, hied er dêr in gast yn dy keamer brocht.

Troch dit gefal bleauwen de beide oaren dêr yet in dei oer, en de nachts ek. Hja hiene 'er de joune neat gjin erch yn, dat de kastlein ien fan hjarren yn dyselde keamer brocht, dêr hjar kammeraet om hals brocht wier. D'oare moarns lei dy ek dea op bêd. Sadwaende moast syn maet dy nou allinne oer bleau, dêr nog wol bliûwe, en kâm de jouns ek yn dy keamer to-lânne. Dy wier nou lykwols al sa wiis, dat er it spil net stie en nâm him foar om op to bliûwen. It waerd tsien ûre, alf ûre, mar hy fornâm neat dat net dôcht. In bytsje foar middenacht gyng er bûtendoar en kujere de leane foar hûs ris út ont er by in izeren hek kâm, dat oan stie. Hij die it slot er op en bifeugele it sa, dat er gjin minske troch komme, noch de sluting forbrekke koe. Hy wier mar skraech mei dit wirk klear, do er in onwitend gerofte fan wapenen hearde en it dûrre net lang of it waerd foar it hek swart fan minsken, allegear soldatefolk. In man op 't hynsder hjitte ús feint, om it hek iepen to dwaen. „Hwa biste?” frege disse.

„Ik bin de foarrider fan 'e geasten,” sei er, „mar meitsje hwat oan, ik wol der yn.” „Dû komste 'er net yn,” sei ús man, „net earder as dû moatste my biskikke hwat ik my winskje; dat is: in swird dêr ik alles mei forslaen kin, in gewear dat altiid raek scjit en in jildponge, dy't noait leech wirdt.”

„Accoarte!” andere de geast, „hjr is it al.”

Dat wier nou in domme set fan de geast, om, nou hoegde ús man neat to eangjen, en hy jage it hiele leger fan geasten mei syn stridark op 'e flecht. En hja kamen noait wer, hwant de bitauwering, dy op 'e herberge rêstte, wier nou britsen.

De kastlein wier wakkere bliid do er 't fornaem en sei hy scoe ús man fiif-en-tweintich goune jaen, mar disse hie dat jild nou net nedich, om hy hie in pong dy 't noait leech

koe. Mar hy wier ek lilck, dat de kastlein neat fan dy spoekery sein, en dy twa frjeonen der oan weage hie. Derom sei er tsjin 'e kastlein: „Dyn jild wol ik net ha.”

„Dan jouw ik jou myn dochter,” forfette de kastlein.

„Dy wol ik ek n't ha,” sei er, hwant hy seach nou folle heger, en reisge fierder.

Hy kâm mei 'e tiid yn 'e keningssted; mar dêr wier 't net folle trevis: de hele stêd wier mei swart doek behinge as teken fan rou. Us man frege oan 'e kastlein, dêr 't er tocht to bliûwen, hwat dit to bitsjuten hie. Dy fortelde him do, dat de keningsdochter dy wier yn 'e macht fan in draek, in augrýslik dier mei saun koppen, en dêr wier nimmen dy 't hjar forlosse koe.

Us man sei, dan woe hy dat ris bisiikje. Hy joech de kastlein in foantsje, dat dy him nei de kening brocht, en do sei er tsjin 'e kening, dat hy scoe de prinsesse forlosse, mits dan woed er mei hjar trouwe. En do 't er oan 'e kening sei, dat er it jild mar for 't oantaesten hie, do joech dy syn tawird dêr op, hwant in rike skoan-soan wier syn foech. Doe gyng er nei de hoale fan 'e draek en sloech mei syn swird, dat noait miste, it bist alle saun koppen tagelyk ôf. Nei 't er dit forrjuchte hie brocht er de prinsesse by hjar heit, en dy liet mar daelk brilloft halde, dan gie it yn ien drokte troch.

Us man wier nou Prins en libbe tige gelokkich mei syn kreas wyfke. Op in kaer dat er mei hjar kuijere en syn besittingen oerseach, foel him in *villa* yn 't each en hy frege oan 'e prinsesse hwaens eft dat wier.

„Dat is uzes ek”, sei hja, „mar dy strekt ús neat, hwant it spoeket der yn. Ik ried dy en kom er net yn, hwant dan is 't mei dyn libben dien.”

Om syn wiif net ongerêst to meitsjen sei er, dan scoed er dat net dwaen, mar hy nâm him yn stillens foar om, as er allinne wier, dêr i's hinne to gean en it spil to ondersiikjen.

Hy foun al gau dy gelegenheit en makke der daelk

gebrûk fan. Do er de doar fan de villa yn kâm, foun er dêr in ald man, dy him neat net oer syn kommen forwondere sa 't like. „Hwat is 't hjir augrýslike kald!” sei er tsjin disse, hwant dat wier ek sa.

„Ja,” sei it mantsje, „mar gean der sitten, dy is waerm.” En hy wiisde him op in greate stien. Us prins gyng op dy stien sitten, mar hy hie dat sa gau net dien eft de de stien kantele om en kâm wer to plak, nei 't de prins dêr onder besluten wier.

Dêr siet er nou yn in neare, tsjustere hoale en nimmen wiste hwer 't er bedarre wier. Allinne de princeesse hie in tsjustere eaning, dat er nei de villa gien wier, en dêr syn libben litten hie.

\* \* \*

Onderwyl hiene syn heit-en-dy alle dagen, nei 't er fan hûs gien wier, nei it mes sjoen en nou rustplakken dêr op ontditsen. Derom stjúrde de heit syn jongste soan d'r op út, om syn broer nei to spoaren en as 't eat mûlk wier to helpen. Dy kâm sonder folle wederwaerdigheden ek yn 'e keningsstêd oan, hwer 't er tafallich de prinsese moette, dy — yn 'e miening dat hjar man weromkomd wier — him mei folle bliidskip ontfong en him yn goedens biskrobbe, dat er dôch nei de villa tagongen wier.

Us man wist earst net hwat er dêr oan hie, mar begriip al njunkelytsen ho de foarke yn 'e stôk siet; hy liet de prinsesse stil yn hjar gelowe en sei dat hy moast nog ienris nei de villa torêch en dan kâm er dêr net wer. Do er dêr kâm, mette him yn 'e doar ek dat alde mantsje, dat syn broer sa yn 'e pet litsen hie, en lyk as disse sei er by 't ynkommen: „Wat is 't hjir augrýslike kald dôch!” en it alde mantsje andere: „Ja, mar gean op dy stien sitten, dy is waerm.” Doch de jongkearel sei: „Né, mar set fjûr oan en sa net, dan scil ik dy fine, datste foun biste!” hwant hy makke him onder 't praten wei lilc om

syn broer, dy 't bûten kiif op disse wize yn 'e fûke roan wier.

De ald man sette fjûr oan, en do dat omraek barnde, sei de jongkearel wer: „Nou scitte sizze, hwer 't myn broer is, en oars smyt ik dy yn 't fjûr.”

„Draei dy stien om,” sei de alde, „dêr sit er onder.”

„Doch it sels.”

De ald man diich dat en do kâm de prins dêr nog libben onder wei en foel syn broer om 'e hals. Hja woene nou dy ald man straffe, mar disse sei, dat moasten hja net dwaen, dan scoed er hjar wat sizze: Der onder de stien, yn dy kûle, sei er, laeijen trije potten mei jild. Dy moasten hja dêr wei helje, en jouwe ien oan 'e tsjerke, ien oan de earmen en ien mochten hja sels halde. As hja dat diene, dan scoe de boel dêr suver wirde. En sa barde it.

Dernei gyng de prins mei syn broer nei hûs en fortelde hwat hjar wederfearn wier. En de prins houde syn broer dêr oan 't hôf en liet syn heit ek oerkomme en syn mem, en hja libben fierder lokkich en ienriedich mei enoar.

Do't de alde kening einlings de holle dellei, waerd de prins kening en de prinsesse keninginne, en hy joech syn broer in goede bitsjinning oan 't hôf, en syn heit krige ek in goede post. Ut.

## II.

# DE KIBIGE MATROAS.

---

Der wier ris in matroas, dy wier in wike-mannich mei forlof thús, en hie plân om him yn dy tiid ris tige to for-meitsjen. Hy klaeide him op syn sneinsk, stiiik in diel fan syn fortsjinne lean yn 'e bûse, en gong do oan 'e gyl. Syn wei fierde him foarby in kastiel, dêr bleau er stean om oan de moaije jongfaem, dy dêr op 't bjinstap to spien stoe, syn eagen to forklearjen en in praetsje mei hjar to meitsjen. Hij wier al gau mei hjar yn reden, hwant it krudich jongfeintsje like hjar ek net ongefallich, en do fortelde hja him, dat hjar hear en mefrou wierne út-fan-hûs, en dat hja nou allinne dêr yn 'e hûs wier en sa bang as in weesling, nou nammers to mear, om it hie dêr de nachts sa oanweigien yn de keamer neist hjarres. Dat hja doarst dêr einliks net ienris wer yn 'e hûs komme, lit stean fan dêr bljûwe.

Us matroas dy net fan in bytsje forfeard wier, bea hjar oan om mei hjar to gean en it spil yn 'e hûs to onder-siikjen. Dat waerd oannomd en do gyngen hja to-gearre yn 'e hûs. De faem bitsjutte him hwerearne de keamer wier, dêr hja de nachts dat gespús heard hie en hja stoepen dêr binnen. En hwat seagen hja do? Mids oer de fier stoe in greate koer mei touwen bifeugele; dy wier dêr de nachts yn 'e hûs brocht, sa 't like. Dat wier fan sels gjin goed spil, en ús matroas ornearre, dêr scoe wol in kearel

yn forside sitte en dat dy doel hie, hjar to bistellen en faek wol to deijen. Om 't er for dat doel wol tige biwapene wêze scoe, en mûlk in kearel dêr 't de matroas it net tsjin opnimme koe, scoe 't net riedsum wêze om him dêr út to litten. Hy moast op oare wize onskeadlik makke wirde. Hja prakkesearren do to-gearre út om boppe oan 'e souder in takel fêst to meitsjen, de koer dêroan op to hysen en him, as er oan 'e souder ta wier, hommels delfalle to litten. As er hwa yn siet, lyk as hja tochten, dan scoe dy nei sa'n fal wol nei gichum wêze.

Us matroas, dy fansels wol kladderje koe, hie dat spil gau foar enoar en do hysten hja de koer oan 'e souder ta op en lieten him mei in augrýslike plof wer delkomme. Derby rottele it wol yn 'e koer, mar oars hearden hja neat: gjin grant fan 't libben dat er faeks yn wier. Mar nog stiene hja it spil net, en hja bruiden for de wissichheit de koer yet yn 't wetter, hwer se him in setsje alhiel onder treauwen. Do earst weagen hja 't de touwen los to snijen en it lid 'er ôf to dwaen. En hwat seagen hja do? In onwitend ein kearel, dy as er yet libben west hie, wol tsien matroazen lyk as ús feintsje meitsje en brekke kind hie. Mar hy wier nou kroandea. Fierder founen hja wapens fan allerhanne fatsoen, om in minske de deastek to jaen, en ek nog in fluitsje, dat de matroas by him stiik. Koartom, it wier de opperteur fan in binde rôvers dy op in teiken fan hjar haedman, it kastiel binnen komme, de boel dêr útplinderje en de ljue om hals bringe scoene. Mar soks wier hjar nou misleare. De matroas, dy 't er dy deis bleau, wapene him tsjin 'e joun mei in great swird, gie yn 'e doar stean en bloes op dat fluitsje, hwerop forskate rovers de iene nei de oare binnen stoarmje scoene; mar ús maet sloech se linich de kop ôf, sa 't de jinge dy 't oard kâm oer de earste hinne trûzele, en sa forfolgens ont al dy rovers-likens op in heap laeijen.

Hja praetten ôf om dy boel mar oan de oare moarns ta lizze to litten, dan koene hja d'r hjar earst r's oer bisliepe,

ho se der fierder meioan moasten. En krekt dy oare moarns kâm de hear thús. Hy seach dos hwat 'er bard wier, en do moasten hja him fan stikje ta bytsje fortelle ho dit spil hjir tagien wier. Dat digen hja fansels, en do it forhael út wier, spriik er: „Dit is in tsjinst, dy ik net leanje kin; mar ik haw jimme in útstel to dwaen: Do frege er hjarren, eft hja enoar wol lije mochten en eft hja wol mei enoar trouwe woene? En do seine se beide fan ja.

Dêrop spriik dy hear wer: „Nou, dan scil dat hawwe, jimme kinne hjir bliuwe sa lang as jimme wolle, en scille nearne net for to soargjen ha. En as ik en myn wiif, dy nou beide al ald binne en gjin bern ha, út 'e tiid reitsje, dan meitsje ik jimme alles ta hwat ik bisit. Liket jimme dit goed ta?” — En do sejen beide wer fan ja, mar de matroas foege dier by, dat hy moast nog trije jier tsjinje, en salang mocht er nearne oars net oer prakkeseare. — Hwat dy hear en de mefrou en syn oansteande dêr ek tsjin yn leijen, en dat se him wol frijkeapje woene en sa, ús man bleau by syn foarnimmen en do syn forloftiid om wier, nâm er ofskie en teach 'er wer op ôf.

\* \* \*

Hy swalke nou nog trije jier op sé roun, en alles gyng goed, mar op 'e weromreis litten hjar skipbrek, hwer de measten fan hjar folk by omkamen. Us matroas lykwols mei twa fan syn maten spielden nog libben oan lân; mar hja wierne neaken en bleat en de honger pleage hjar. Derby wier de streek, dêr hja wierne, hjarren onbikend. Hja swalken dos op gelyk ef ongelyk fierder, en kamen tsjin 'e joun gelokkich by in kastiel to-lanne, hwer hja om onderdak fregen, dat hjarren net wegere waerd. Hja waerden by skimmerjoun yn in keamer brocht, dat die de frou sels; dêr moasten hja mei iten en drinken mar ta hjar sels komme en dan koene se dêr op bêd gean. De oare moarns scoe d'r wol fierder for hjar soarge wirde.

Do hja dan to-wekker wirdden, laei er for elk fan hjarren in himmel pak klaen foar hjar bêd op 'e stoel; mar ús matroas sines wier wol helte moaijer as syn kameraten hjarres. Do hja it goed en wol oan hiene en de hân yn 'e bûse stieken, founen disse dêr elk in sitveren haloasje yn sitten en ús matroas fonn ek in haloasje yn syn bûse, mar dat wier in gouden.

Hja hiene net folle tiid om hjar d'r oer to forwonderjen, hwant de faem kâm by hjar en sei, dat hja moasten alle trije effen by de frou komme. Dat digen hja fansels, en do krigen dy twa maten elkmes nog in goede knoarre reisjild fan hjar en koene do fierder gean. Mar ús matroas krige neat, as allinne de frijichheid om nog hwat to bliûwen as er woe. Do seach er hjar for 't earst ris goed oan, en herkende yn de moaije slotfrou de faem dêr 't er mei forlove wier. Do waerd it him klear, hwerom hy better as syn maten fan hjar bihânle wier, en dat hja him daelk wol werkend hie. Dit nou biskôge hy as in goed teiken, en do sei er, dat as hja der nog sa onder stie, dat se him hawwe woe, dan woed er nou wol mei hjar trouwe: hy wier nou frij hwer 't er gean woe. En do sei hja, dat hja wier nog deselde yn dit stik en ek alhiel hjar eigen man. Hjar hear en mefrouw, sei se, wierne nou al sont in jier wei west, en dy hiene hjar alles tamakke, lyk as se dat by hjar libben onthjitten hiene.

Hja trouden al skielk dêrop en hawwe fierder lang en lokkich libbe, en as se net stoarn binne, libje se nog.

### III.

## De sabeare dream fan in Weesjonge.

---

Der wier ris in jonge, dy 't it weeshús ontflechtte, om yn de romme wrald syn aventûr to siikjen. Nei rjûe folle wederwaerdichheden kâm er einlings yn 'e keningstêd. Dêr wier alles mei grien en flaggen bihingje, alleman wier yn 'e pé en der like oan de froalikens gjin ein to kommen. Us feintsje frege oan 'e kastlein, dêr 't er tocht to bliûwen, hwat dit allegear to bitsjuten hie, en dy sei him, dat de keningsdochter dy scoe trouwe; dêr waerd nou brilloft halden oan 't hôf en salang wier 't ek feest for alleman yn 'e stêd.

„Dêr scoe 'k wol ris by wêze wolle”, sei ús feintsje.

„By dy brilloft, hê?” andere de kast'lein; „ja mar, jonge, dat sit dy net sa glêd. Dêr biste net moaijernôch for yn 'e klean.”

En dat wier ek sa. Us jongfeintsje seach 'er eameltsjes út; hy hie wol in gouden ring om 'e finger en in sidene doek yn 'e bûse, mar dat stie by syn oare spillen as in brette apel op in stôk, lyk as men wol ris seit. Dêr wier lykwols ried for, de kast'lein woe him wol in pakje salang liene. Mar hy moast ek moai fortelle kinne, oars koed er net by dy brilloft komme. Allinne fremden, dy 't dit koene en de gasten formeitsje, hiene frije tagong.

Nou, dat koe ús jongfeint wol, om 't hy hie al gâns bilibbe en onderfoun. Hy woed 'er dos hinne. mar forsocht

de kast'lein, dat dy him earst nog oer 't ien en 't oar hwat ynljachting jaen woe; hy woe bygelyks witte hwat for 'n man as de prinsesse krige en eft hja ek mei him forhearlike wier en sa..... mar dêr wist de kast'lein ek net alles fan. Hy wist allinne, dat de prinsesse lang yn de macht fan in roversbinde finzen sitten hie en dat hja dêr einlings út forlost wier en to-skip thús brocht troch de man, dy nou hjarres wirde scoe. Nou wist ús jongfeintsje lykwols genôch nei syn sin, en nou kreas forklaid gyng er nei de kening en frege om as forteller talitten to wirden. Dat waerd him tastien en hy moast mar daelk yn 'e brilloftsseal komme, om syn forhael to bigjinnen, hwat er op disse wize diich:

„As jonge”, sei er, „bin ik de wide wrald yntein om fortún to siikjen. Ik bistege my earst as skipsjonge en letter as koksmaet op in skip en hie do gâns to fordûrjen; mar ik houde my trankyl, paste goed op en brocht it einlings safier, dat ik sels kok wirdde. Do hie ik it goed, mar nei in setsje farren kamen wy op in klip to-lânne, sa 't ús skip mei mûs en minske nei de kelder gong; ik wit net better ef ik bin do fan al ús folk mar allinne oerbleaun. Hwat my sont die skipbrek bijegene is, dêr kin ik my gjin kleare foarstelling fan meitsje; 't is krekt ef ik myn onthald in tiidlang mist had, ont ik jisterjoune yn 'e keningstêd oankâm en to-nacht in nuvere dream hie. Hwant hwat nou fremd is, ik kin my dy nog alhiel tobinnenbringe, en 't liket dos wol, dat ik sont jisterjoun myn onthald werkrige ha. Mar dy dream woe ik jimme fortelle.

Ik dreamde dan, dat ik nei dy skipbrek op it strân stie, net to witten hwer hinne, en op aventûr foart swalke. Tsjin 'e joun, sa dreamde ik fierder, kâm ik by in hûs, dêr ik oankloppe en ynlitten waerd. Yn dat hûs nou wenen rovers, dy 't de reisgers útplinderen en deiden of hjar finzen halden dat dy hjar net forklappe scoene. Hja fregen my hwer ik wei wier en sa, en do ik hjar sei, dat

ik kok op in skip west hie, wierne hja wakkere blid, hwant hjarres wier sont in dei of hwat stoarn en ik koe nou syn plak ynnimme. Ik moast nou for hjarren siede en briede, hjar oan tafel bitsjinje en hwat 'er fan iten en sa oerbleau, troch in traeljehek smite. Hwat dêr efter dy traeljes siet, waerd my neat fan sein, mar ik nâm my foar. om it to ondersiikjen, sadrê 't de rovers fan hûs wierne. Dat barde al gau, en do op in kear die ik it hek iepen. Ik ontdiik do, dat dêr in tsjerp jongfaem efter bisluten siet, dy my fortelde dat hja in prinsesse wier, en ik nâm my foar om hjar en my sels to redden. Om 't de rovers nog yn gjin pear ûre thûs komme scoene, helle ik gau in pear hynsders fan 'e stâl, lei it seal d'r op en, nei 't ik fan goud en silver sa folle by my stitsen hie as ik mei skik drage koe, forliet ik mei de prinsesse it rovershûs, dêr hja dommer-nôch my de kaeijen fan tabitroud hiene. Wy rieden nou sa hird as wy koene foart, altyd yn noed dat de rovers ús neisette scoene. Mar, lokkigernôch for ús, barde dit net. Tsjin 'e joun kamen wy oan in greate bosk en bleauwen dêr om 'er yn to binachtsjen. De prinsesse onthjitte do, dat se mei my trouwe scoe, en joech my in ring en in sidene doek as in blyk fan hjar trouwe. Ik ha dat fansels allegearre mar dreamd, mar dy ring en dy doek haw ik dôch by my, lyk as jimme sjen kinne. Nuver oa' net? Ik dreamde fierder, dat ik einlings mei de prinsesse by in skip oanlânne, dat ús opnâm om ús nei de keningsstêd to bringen; onderweis stjûrde de skipper, hwa 't wy ús skiednis forteld hiene, my nei boppen om in tou fêst to meitsjen, en dó ik boppe wier, snei er it tou troch, dêr ik my oan fêst haldde, dat ik oer board foel, lyk as syn doel west hie. Gelokkich waerd ik troch in oar skip opnomd, dêr ik like gelokkich mei oan lân kâm; mar de prinsesse seach ik noait wer, en hwat hjar fierder bijegene is, wit ik net.

Sjuch, it is mar in dream, mar oars scoe ik sizze, ik kin 't riede hwat hjar fierder wederfearn is. Ik stel bygelyks, dat dy skipper, nei 't er mei alles op 'e hichte wie', ús

princesse in djûre eed swarre litten het dat hja sizze scoe, dat hy sels hjar redder west hie en hjar ta wiif hawwe scoe, en hja dit troch syn drouwen einlings dien het. (En do hommels en op 'e man ôf:) „Hwat tinkt jou, hear brug-geman, fan disse stoarje?”

„Datstû in onbiskamme ljeagener biste!” andere disse, „sa wyt as in kalken mûre.”

„In ljeagener en bidrager, dy 't seit!” andere ús feint onforheard. „Freedje oan de prinsesse hwa 't hjar forlost het, oan hwa hja disse ring en doek jown het en trouwe onthjitten!”

„*Dy* haw ik dat jown en oan *dy* haw ik dy onthjitten!” spriek de prinsesse.

„Dos dy sabeare dream is wierheit!” spriek de kening.

„Ja, hear kening”, andere ús jongfeintsje mei in bûging.

„Mar dan is dy oare in bidrager, in smjeont, rôp de kening, en dy het it weage om *my* to misleiden; nim him finzen mannen, en dat er moarn mei fjouwer hynsders út enoar skûrd wirdt.”

Mar ús feint bea genade for him, en sa waerd er foroardielt, om, efter traeljes opsletten, mei de bitten en brokken fan des kenings tafel fûre to warden, op 'e selde wize as de prinsesse by de rovers it hawn hie. Mar ús feintsje troude mei de prinsesse en hja libben fortoan sa lokkich as de moskjes yn 't sân. Ut.

## Fen de soldaet, dy syn tractemint hawwe woe.

Der wier ris in soldaet, dy hjitte Jan, en dy hie noch toalve stûren fen syn traktemint to goede. Dat woed er ha, mar hja seine, hy moast tiid dwaen, en oars krige er nin byt. Mar der wier Jan net fen thús.

„As jimme it my net jowe,” sei er, „den gean 'k er om nei de kening.”

„Aste foart gieste”, seine hja, „den bist disserteur, en den krigest de kûgel, baes!” — „Dat kin mei neat skele,” sei Jan, „mar ik wol myn toalve stûren ha, al moat ik 'er den ek om dea.” En hy striek 'er út, lyk as er sein hie, om, hy stie op syn stik, en as er hwet bigrepen hie, den died er 't ek, al hinge it libben 'er aon. Sa reisge er den fierder ont er wirch waerd en do joech er him hwet del oan 'e kant fen 'e wei, om to rêsten. Do er dêr in toarntsje sitten hie, kaem 'er in hearskip oan, en dy frege him hwa 'ter wier en hwer hinne. Nou, sa en sa. Dy hear sei, den koene hja wol mei enoar gean, hwent hy moast ek nei de keningsstêd. Dat wier nou goed, en hja gongen togearre fierder ont it tsjuster bigoun to werden. Mar hja wierne yet lang n't yn 'e keningsstêd. Dêrom sei de hear: „dêr jinsen stiet, leau 'k, in herberge, dêr moasten wy to nacht mar bliuwe, tocht my. Jan hied er ek wol sin oan hwent hy wier wirch en ongedien, mar hy hie gjin reade sint yn 'e bûse. Mar dy hear sei, dat wier neat: hy

scoe wol for hjar beiden bitelje. Hja kamen den yn 'e herberge en dy hear bistelde in fesse wyn en Jan bistelde ek in fesse wyn. Jan ealge it him al dalik, det de faem, dy hjarren bitsjinne, wakkere bidest seach, en do dy effen út 'e keamer gie, sei Jan tsjin 'e hear: „Dy faem het hwet op it gemoet, dat sjuch ik klear. As se aenstouns wer yn 'e keamer komt, wol ik hjar ris freegje, hwet dêr de reden fen binne.” — „Dêr heste neat mei fenneden”, andere de hear, „hwet leit ús der oan gelegen, ho 't dy faem sjocht. De wyn is hjir goed, dêr is 't ús mar om to reddden.” — „Nou”, sei Jan, „freegje wol ik hjar dôch.” — En dat died er ek. De faem woe earst net sizze, hwet 'er oan wier, mar Jan haldde salang oan, det einlings moast it 'er wol út, en do fortelde se dit: — „Det ik sa trúrich sjoch,” sei se, „komt, om 't it my om jimme bigreatet; hwent yn dizze herberge is 't gjin súver spil, en gjin minske, dy hjir binachtet, komt hjir libbensliif wer út. Jimme moatte witte, det hjir toalve rovers tahalde, dy de gasten nachts útplonderje en fen kant meitsje. Hja hawwe my as jong faem hjir ynhelle, en ik woe wol graech hjir wei, mar ik doar 't net heal bistan, om foart to rinnen, hwent den scoene se my ek formoardsje.” — Do de hear dat hearde, wier er wakker yn 't gat bibiten en praette fen foart; mar Jan sei, as 't oars net wier, den scoe hy der wol mei redde. De hear mocht liipje of piipje, hy moast bliuwe; mar hy lammentearre dôch safolle, det er biside en op bêd krúpe mocht. En do bleau Jan mei de faem allinne en naem hjar fierder yn 't forhoar. Hy frege hjar: honear de rovers jouns thús kamen? — „Om toalve úre hinne”, sei de faem. — Hwet se den diene? — Den dronken se elkmes in fesse wyn. — Ef de headman fen 'e binde ek smucht op hjar hie en ef er wol ris mei hjar hoallefoalle? — Nou ja, det wier al sa, binamen as er syn flesfol efter 'e knopen hie. — „Den is er neat to reddden”, sei Jan, „aste mar dochste hwet ik dy siz, en dat moaste, ef it scil dy rare wé opbrekke.” — De faem onthjitte dat. — „Den moatste hinne

gean", sei Jan, „en jow hjar joun elkmes twa flessen wyn, yn pleats fen ien, en as se genôch ha, en de haedman bigjint wer mei dy, den pœstou it ljocht út en lit se den mar fierder mei enoar oanpiele.” — It barde de jouns allegearre, lyk as Jan 't bisteld hie, mar sa ier wier 't ljocht net út, of der bigoun in heislik libben. De smoardronkene rovers sloegen as earne helden yn enoar om, en dat dûrre krekt sa lang ont men mûs of minske mear hearde. — „Stek nou 't ljocht mar wer op”, sei Jan tsjin 'e faem, dy beide sa lang forside sitten hiene, — „den scille wy ris sjen ho de boel 'er foarstiet.” — Nou, dat kin men fen tinken wol ha. De deade liken fen alve rovers leine oer de fier; ien spinfoette noch en hie safolle bisleur, det er mei syn swird nei Jan sloech; mar Jan ontskûrde it him en sloech him yn in swympslach de kop ôf. Det sadwaende wierne de rovers nou allegearre nei gichem. — „Is er yet mear onrie hjir yn 'e hûs?” frege Jan.

„Yn 'e keamer hjir neist”, andere de faem, „is in draek mei saun koppen, mar ik scoe jo riede en bisiikje it dêr mar net tsjin.”

„Wy scille de hiele keet hjir ris goed útreagje”, sei Jan, „gjin heal wirk, dêr hald ik n't fen.” Hy naem it swird fen 'e rover, gyng op 'e draek los en sloeg him de saun koppen fen de ougryslieke romp. — „Nou scille wy ris in grap hawwe”, sei er, en plakte de koppen der wer op, lyk as se sitten hiene. Do moast de hear ôf 't bed komme, en Jan brocht him earst yn 'e keamer, hwer de deade rovers leine. — „Sjuggje jy, dat haw *ik* dien”, sei Jan, „mar nou is er nog in kreweike, dat komt for *jo* op!” Do brocht er him by de deade draek, dy krekt like as er nog libben wier. Mar de hear doarst syn eagen der net nei draeye en stau fen kjellens oer 't ein. Jan stelde him lykwol gerêst, en fortelde ho de foarke yn 'e stôk siet, mar joech him ta allyk in omrake biskrobbing oer syn bytsje *lêf*. En hy lei syn kameraet goed op om er tsjin gjin minske in kik of mik fen to jaen, hwet er útrjuchte hie; hy woe der

mar gjin praet fen ha, sei er. — En do gongen se fierder.

\* \* \*

Hja kamen d'oare deis tsjin 'e joun wer yn in herberge, om 'er to binachtsjen, hwent hja wierne yet op gjin dei nei yn 'e keningssted. De kastlein fortelde hjarren, det er yet in herberge hie; mar der koe gjin minske bankje, om, it spoeke der nachts ougryslyk. Immen, dy fen sokke spillen forstân hie, hie him sein, det der moast trije nachten efterien in minske yn dy herberge oerbliuwe, en as er den it libben er ôfbrochte, den scoe oan dy spoekerij in ein makke wêze. Forskate dryste ljuë hiene it ek al bisocht, mar gjin ien fen hjarren wier der libben wer wei komd, en sa hâlde de spoekerij altyd noch oan. Jan sei tsjin 'e kastlein, det hy woe it den ek wol ris bisiikje. — „Nou”, sei de kastlein, „jy moatte it wite, as jy it op jou noed nimme doarre, ik haw 'er wol hwet for oer, mar oars stean ik for neat yn.” — „Lit my mar bitsjen”, sei Jan. „Jow my mar hwet spillen mei, det ik der hwet hûswarje kin; hwet brânje, in ljocht, in pôt mei bislach, in stroupanne . . . den kin 'k hwet stroukje, en in mannich flessen wyn om to drinken.” — De kastlein joech him dit ien en 't oar mei en ek noch in reade flag, — dy scoe er d'oare moarns ophysse as er yet libbe, en den koe de kastlein by him komme en fornimme ho it spil ôfroan wier. Nou, dat wier goed. — Jan gyng de jouns nei 't spoekhûs, sette fjûr oan, stiek it ljocht op en bigoun to stroubakken, mar elte reis as er in strou yn 'e panne hie en dy miende to gripen, fleach dy út 'e panne wei yn 'e skoarstien op. Det op 't lêst joech er 't oer. Hy treastge him nou mei in flesse wyn en in pypfol tobak en wachtte ou hwet 'er komme scoe. Om middernacht op 'e klokslach ôf waerd 'er forheftig op 'e doar bounze. — „Dy 't hjir wêze moat, kin 'er mar ynkomme”, sei Jan. Mar hy hie 't net sein, of de doar gong iepen, en hy krige sa'n onbidich wan-

bruyen, dat er yn 'e soes foel en sa lizzen bleau ont d' oare moarns ta. Do kaem er wer ta him sels, mar de hûd die him net in bytsje sear. Hy wier lykwol noch safolle mansk det er nei boppen teach en de flagge útstiek. Do kaem de kastlein by him en hearde hwet 'er bard wier.

„Soarge nou mar, det ik hwet oare ytbere waren krij”, sei Jan, „hwent oars krij ik joun wer neat as in hûdfoel bruyen; mar sitte litte doch ik it nou net. It barde d' oare nachts wer krekt en allyk as de earste, bûten det er nou yet helte mear op syn baitsje krige en d' oare moarns bont en blau en gled út 'e hjekken wier. Hy stiek nog wol de flagge wer út, mar it waerd him nou dôch maldernôch en hy soarge tsjin de earstkommende nacht oan. Mismoedich trape er it fjild yn om to oerlizzen hwet him to dwaen stie. Do kaem him in ald wyfke tsjin, dy frege him, hwet 'er oan skeelde en sa. Nou, Jan fortelde hjar syn wederfarren. — „As 't oars net is,” sei dat wyfke do, „den scil ik jo in goede rie jaen. As 'er to nacht wer op 'e doar bounze wirdt, den sizze jy: „Alle goede geasten komme binnen! Den komt 'er jo neat gjin kwea oer.” — Jan die, lyk as it ald wyfke him sein hie, en do krige er ek gjin bruyen, mar in onsjenbere hân krige sinen beet en laette him yn in keamer der trije liken yn bierkleden oer de flier laeyen, en der deun by stie in kiste, dy oan 'e kop ta fol jild wier. — „Gean nou hinne,” sei de geast, „en bieirdigje dizze liken, nim fen dit jild ien part for jo, jow ien part oan 'e tsjerke en ien part oan de earmen, en gean den jo wegen; den scille de geasten rêst ha en it hûs net mear bionrestigje.” — De oare moarns liet Jan de kastlein komme, troch de flagge út to stekken en fortelde dy hwet wy witte. Mar do de kastlein dat bulte jild seach, bigreatte it him, det hy der neat fen hawwe scoe, mar hy doarst 'er doch neat tsjin ynlizze, to mear om 't er der wol in mouwe oan wist to passen, det it jild dôch yn 'e famylje bleau. Men moat witte, det de kastlein in alderiwichste tsjeppe dochter hie, en dy hie al safolle mei Jan opkrige, det dy woe mei him

trouwe. Jan sei, det er hjar ek wol ha woe, mar gy moast earst nei de kening, sei er, en sa en sa. De kastlein sei, det hy moast dat nou mar bitsjen litte, hwent hy hie nou al safolle jild, det dy toalve stûren wierne der minder as neat by. Mar Jan hie 't abslút foar him nomd en liet it him net ontprate om nei de kening to gean. Mar hy ont-hjitte, det as er libben werom kaem, den scoed er de kastleinsdochter trouwe, en oars makke er hjar alles ta. En do teach er fierder, nei 't se 't sa steld hiene.

\* \* \*

Deselde deis yette kaem Jan yn 'e keningsstêd, mar hy wier der sa ier net, of hy waerd as disserteur oppakt, krige de soldateklean út en scoe deasketten wirde. Mar op it selde eagenblik krige er noch graesje en waerd him hjitten om by de kening to kommen. Dat died er, en do saech er det dy hear, dy mei him reisge hie, de kening sels wier. De kening, dy syn libben oan Jan to tankjen hie, forjoech him alles en joech him in nij pak klean, dat er dalik oantsjen moast. En do wier er generael, hwent dat pakje wier in generaels-uniform, en Jan krige in regemint fen 'e kening, en hy troude mei de kastleinsdochter, en do trak-tearre er al syn folk; elk krige safolle as er lêstte, en der mocht dy deis gjin ien for dronkenskap straft wirde. En der kaem in baerch mei in lange snút en dy blies it for-teltsje út. Mar dy 't it lêst forteld het, libbet yette.

## DE TRIJE RIEDLINGEN.

Der wier is in boer, dy hie op syn wringe stean: *Altijd Gerust!* Nou barde 't det de kening dêr foarby ried en dit opskrift lies. Hwette? tocht de foarst yn him sels, dy kearel is altyd gerêst, wyls 't ik — de kening sels! — altyd troch soargen oer 't regear en sa, yn ûnrêst sit? Dat scil him de deale! ik scil him hwet to tiezen jaen, dêr 't er oer hersenskrabje kin, den scil 't mei dy altyd dÛrjende gerêstens sa ûnfoech net mear wêze. Hy liet de boer by him komme en frege eft it wier wie hwet dy op syn homeije stean hie en eft er noait gjin ûngerêstens by him hie. Ungerêstens? né Sire! andere de boer, der haw ik noait gjin lêst fen. Dôch? forfette de kening, dos den wytst ek n't hwet dat ynhâldt; mar den wirdt it tiid, detste dêr in proeve fen krijste. Ik scil dy trije riedlingen opjaen, en aste my net binnen trije dagen it antwird dêrop to witen dochst, den scil ik dy in kop koarter meitsje litte. Harkje dêrom goed ta. It earste is dit: Ho heech is de himel? it oarde: Ho djip is de sé? en it tredde: Hwer is 't midden fen 'e wrald? Nei 't er dit sein hie, liet de kening de boer gean, dy nou for 't earst djip yn ûngerêstens siet, om hy seach gjin mûchlikheit to ginter tiid in antwird op dy fregen to finen, lit stean fen binnen trije dagen. Mar de boer hie in tige snoade dochter, dy seach al gau

det it mei hjar heit oars wier as oars en frege hwet er mei him oan wie. Nou, sa en sa, andere hjar heit. As 't oars n't is, sei dy jongfaem, den hat heit nearne net oer yn ûngerêstheid to wêzen: op dy fregen wyt ik it antwird wol. Hja sei him dy foar en de boer printte se goed yn syn ûnthâld. Foar 't de trje dagen yet om wierne, stoep er nei de kening, dy 't him dalik frege eft er nou it antwird op de riedlingen wiste. Ja, Sire! andere de boer. Lit ris hearre! de kening wer: 1. Ho heech is de himel? In gesicht, andere de boer. 2. Ho djip is de sé? In stienwirp. 3. Hwer is 't midden fen 'e wrald? Do diich de boer in sprong yn 'e keamer en rôp: Hjirre; en dy 't net leaue wol, kin 't mar gerêst neimiette. — Gnap sein! andere de kening foldien, ik wol nou noch allinne mar wite eft-ste dy antwirden sels foun heste. De boer kaem er roun for út, det syn dochter sa fornimstich wêst hie. De kening sei, den moast dat fanke ris by him komme, en do foun er safolle bihagen yn hjar, det er se ta syn wiif naem. It jong' frommis, dy nou keninginne wie, joech ek letter fen safolle snoadens blyk, det elk en ien der oer forwûndere wie. — Sa wier d'ris in man, dy hie yn in herberge in rêstje seane aeijen bisteld, mar net bitelle, en sa stjûrde de kastlein him dêr letter in rekken oer, dy wier lykwols fiers-en to heech.

Bigryp ris! hy hie rekkene: safolle aeijen, dêr koene safolle piken ûtkomme; dy piken waerden den hinnen en dy leijen wer aeijen . . . en sa hied er alles op wearde steld hwet dy aeijen opbringe koene; det it waerd in rekken, der wier gjin biteljens-ein oan. De man wegere ek om dy to foldwaen, en do kaem de saek foar de Rjuchters, dy, nei 't 'er grutte waerd, de easker wol yn 't gelyk stelle scoene. Do gong de oare, dy 't dêr al pine yn 't lief oer hie, nei de keninginne en droech hjar de saek foar. Disse hearde him oan en joech him rie hwet er dwaen en sizze moast. Do 't er den rjuchtsitting wêze scoe en de boer dêr in ûre to let op forskynde, fregen hja him, wêrom as dat wie?

De boer sei, dat hy hie earst beane koaitsje matten om to setten. Domme boer! waerd him to halden jown, wolle seane beanen dan waechsje en frucht jaen? — De boer, dy dit antwird wol forwachte hie, sei op syn bar: Domme rjuchters! kinne út seane aeijen den piken komme? — Dêr sieten de wize hearen, en moasten de boer fen rjuchtsfoarderding ûntslaen. Dizze bitanke de keninginne, det dy him sa goed ret hie, mar de kening wier d'r lik om op hjar; as se mear sokke ried joech, den hiene syn rjuchters mei gauwens neat gjin kredyt by 't folk. Dêrom woe er fen hjar ôf. Hja lei dêr net tsjin yn, mar frege allinne eft se wol alles meinimme mocht hwet hjarres wier, den scoe se wol nei hjar folk gean. De kening sei, dat wier him goed. Do liet hja de kening sliepgûd yn syn wyn jaen, en do 't er goed en wol ûnder seil wier, naem se him mei yn 'e wein en ried mei him foart. Do 't de kening anderweis wekker wurdde en frege hwer 't er wie en hwet dit bitsjutte, andere hja: ik ha dy meinomd, om ik mocht alles meinimme hwet mines wier en dou biste mines ek, hwent wy binne earliker wize troude. De kening, hwa 't it ek al moeide, dat er syn wiif yn in nijsgjirrige bui foartstjurd hie, lake oer disse ynfal fen hjar en naem hjar wer as syn wiif oan en mei nei hûs. En do hawwe se yet lang en lokkich libbe en as se net stoarn binne, libje se noch. Dy 't it lest forteld het, is de mûle nog waerm.

## De Frije Buchelden.

Der wierne ris trije broerren, suver gelyk fen skik en alle trije ek mei in buchel. Dy libben in tiidlang mei enoar foart, mar hja hiene it bittere krap; det ien fen hjarren sei op 't lêst: hy woe de wrald yn en sjen det er 't better krige. En dat slagge him mei koarten ek, hwent hy troude in ryk wiif. Ho er dêr nou sa oankaem, wyt ik net; miskien dat hja ek onsjuch ef miswoechsen wier, en graech in man hawwe woe, — 't kin ek wêze, dat hy sa leidich wist to praten, det men syn uterlik lek en brek oer de holle seach . . . . doch for fest kin ik hjir neat fen sizze. Dat is nou ek allike folle; hy troude lyk as 'k sei en waerd in ryk man. Syn earme broerren kamen nou foartoan út en troch by him to iten. Mar dêr krige it wiif al gau hjar nocht fen en hja prakkeseare oer de menear om hjar earme swagers út 'e wei to krijen. — Op in kear, dat hjar man nei de herberge wier, liet se syn iene broer by hjar forsûikje en de oare moast in healûre letter ek komme. Do joech se in sjouwersman, dy se al mei in goede somme bikoft en op 'e wjuw hie, de wink. Dy pakte de broer, dy 't krekt sa komd wier, by de lurven, treau him yn in greate koer en bruide him yn 't wetter, det er forsûpte, en gong do hinne om syn bileanning. Mar yn dy tiid wier de oare broer ek komd, en do sei it wiif tsjin de sjouwersman: woest my wys meitsje, detste de buchel

forsûpt heste? kom mei yn 'e hûs, dêr sit er noch. En ja man, dêr siet er, ef tominsten krekt syn gelikens. Do treau de sjouwersman dy ek yn 'e koer en forsûpte him. Do 't er in heal ûre letter wer by it minske oan hûs kaem mette er by de doar hjar man, dy krektsa út 'e herberge werom komd wier. Fol binijing seach er disse oan en sei: Wel, stom! sa kin 'k it net oan, ik ha dy al twaris forsûpt en nou bist hjir al wer? Mar disse kear ontkomste my net wer! Dêrop pakte er de man ek by de lurven en bruide him by de oaren yn 't wetter, dat er forsûpte. It wiif sei: Och, hearink! nou heste myn man ek forsûpt. Doch it help net, hy wier al dea. En sa kamen disse trije oan hjar ein. Dy 't it better fortelle kin, mei it dwaen.

# Allerhanne Meltsjes.

·VII.

## IT LOKBIENTSJE.

In hear wier op reis gien mei syn feint en al in moai ein fan hûs, do 't him eat bijegene, dêr 't er alhiel gjin rekken op makke hie, lyk as ik jimme nou ris fortelle woe.

Jimme moatte dan witte, dat se net to foet reisgen ef mei de wein, mar op 't hynsder, tosizzen: elkmes op ien. Nou barde it, dat it iene hynzer (de feint sines) onderweis in hoefizer forlear, sa 't it bist njunkelytsen bigoan to krepeljen. Dêr moast dos yn forsjoen wirde en dêrom, do se by it hûs fan in smid oankamen, waerd 'er stillhâlden en it hynzer, dat bislein wirde moast, yn 'e needstal brocht. Mar de baes siet onder syn sûpke, dat er by de dei lâns op fêste ûren plichte to brûken, om hy hie al meast in fonk yn 'e kiel en dy moast er dan wer trochspiele. Sadwaende makke er dalik gjin tarissing om oan 't wirk to gean. Dat dûre nog al effen en 't wachtsjen bigoan de hear to forfelen. Dêrom sei er einlings tsjin 'e feint, hy woe mar stadich-oan fierder ride ont it neiste doarp ta. Dêr scoed er dan yn 'e herberge hwat pleisterje en dan moast de feint dêr by him komme.

Nei in foech ûre riden wier de hear yn 't dorp en yn 'e herberge oankomd, en siet al skielk drok yn petear mei in stik ef trije ljue, dy 't dêr sieten en — nei 't hja foarjoggen — ek nei stêd woene lyk as hy. Hja sloegen him

einlings foar om mei hjar fjouweren fierder to reisgen, hwant de feint wier yet net oankomd en dêr wier gjin wachtsjens-ein oan. De hear nâm dat útstel oan, om it liken fatsoenlike ljue. Hy liet it hynzer wer foarbringe en ried stapfoets fierder, hwant de oaren reisgen op 't skoemakkersweintsje, ik wol sizze to foet.

Dy trije maten wierne alderaerdichste ljue en ús man hie in bjusteren nocht yn hjar selskip. Hy waerd al geande wei mear fortroulik mei hjar, fortelde hjar it doel fan syn tocht, fan syn frjeon yn 'e stêd, dêr 't er fan sins wier hinne to gean en hwat to útfanhûsjen . . . koartom, hy hâldde neat for hjarren binefter.

Sa pratende hiene se it doarp al mei gauwens efter 'e rêch, en de wei waerd ho langer ho ienliker. Dy trije kameraten, dy earst sa fatsoenlik reedden, krigen njunkelysen sok nuver praet, dat ús man net wist hwat er der oan hie. Hja wierne wol like bileefd as to'n-earsten, mar 't wier krekt as se him op in fatsoenlike menear de gek oanstiken, hwer se hjar dan to-mûk oer formakken. Sa frege men ús man, eft er ek bygelowich wier, eft er bygelyks leaude, dat in lokbientsje, as men 't yn 'e skûch ef klomp by yen draegt yn wierheit lok oanbringt, yn safer, dat men dêrtroch aventûr het om hwat to finen. Hja for hjar leauden d'r net oan, seijen se, en hja founen 't sleau, dat er yet gûds wierne, dy men dat net út 'e helle prate koe. Us man sei, dat er oars net bygelowich wier, mar hwat men fan in lokbientsje fortelde, dat wier sikersonk wier, sei er, dat liet er him net ontstride, hwant dat hied er sels fakernôch onderfoun, en dêrom hied er, as er op reis wier, ek altyd ien by him; dan wier er wis, dat er yn alle gefallen in goed onderkommen for de nacht fine scoe, dat hie nog noait mist. Dêrop frege men him, ef er for dit pas ek in lokbientsje by him hie, en ús man sei fan ja. Dêr waerd wer to-mûk om lake en fierder net folle praet.

Men wier onderwyl oankomd by in greate bosk, dêr de

wei hjar yn twaën fordielde. De hear mirk nou for 't earst dat se fan 't rjuchte paed rekke wierne en sei it tsjin syn kameraten. It is wier, andere ien fan hjarren, dat dit de rjuchte wei nei de stêd ta net is, en dêrom scil 't goed wêze, dat wy hjir effen haldert hâlde. Wy hawwe ek yet in wirtsje mei jou to forpraten, en dêr ha wy hjir skoan de gelegenheid ta, hwant gjin minske scil ús hjir biharkje. Wy hawwe merkbiten, sei er fierder — nei 't se stil hâlden hiene — dat jy yet al bygelowich binne, om 't jy leauwe oan de deugd fan in lokbientsje, dat jy by jou hawwe, en dat is ús yn 'e wei, my en myn kameraten. Koartom, it is ús doel jou fan dy gikke miening foartoan alhiel to genezen, al moatte wy sadwaende jou ek fan in sûre apel bite litte. In goed onderkommen for de nacht scille jy for disse kear net fine. Dêrom riede wy jou, gong stil wer nei hûs. Mar om 't it by nacht noedlik reisgjen is, binamen for immen, dy 't jild-en-gûd by him het, wolle wy út goe-derbêst jou de mûglikheit om útplindere to wirden, bisparje. Alles hwat jou by jou ha, kinne jy hjir bliuwe litte; wy scille it wol yn feilichheit bringe. Hjir houd er him stil en seach syn maten, sahwat bys- en skarlúnachtig oan, en de beide oaren knikten, sabeare dimmen en goedmoedich, om blike to litten, dat se 't alhiel mei him iens wierne.

Hwat scoe ús man bigjinne? To let seach er yn mei hwa 't er to dwaen hie, en hy moast him wol yn syn lot skikke. Oan moed ontbriik it him net; mar ien tsjin trije wier gjin portúr, to mear, om 't er gjin wapen by him hie. As er him forwarde, moast er ek for syn libben yn noed wêze, hwant dy trije snaken liken rounom ta yn steat. Hy liet it dos ta, dat se him syn hynzer, syn jild, ja sels syn boppeklean ôfnamen, en wier yet bliid ta, dat se him fierder bitsjen lieten. De trije dieven gongen nou mei hjar bût er op ôf en fordwounen yn 'e bosk, dêr de iene wei mids troch roan. De hear folge de oare wei, sonder to witen hwer 't him dy bringe scoe, en flokte op syn needlot en op 'eskarlunen, dy him sa sneu to-fiter hawn hiene.

't Waerd njunkelytsen tsjuster en kâld en onlijich bûten, hwant it wier djip yn 'e hjerst. Einlings kâm ús man oan in hûs, dêr it ljucht op wier, mar oanklopje doarst er net, om hy skamme him sa (amper sonder klean) foar 't ljocht to kommen. Hy joech him dos del onder in ôfdakje efter 'e koken, hwer ek it ljocht barnde. De kjelt waerd ho langer ho fûleindiger en ek de honger bigoan ús man to pleagjen. Hy bjgoan lûdop to earmoedsjen, sa 't de faem it hearde. Hja, net bang fan in dea' rot, mar wol hjit op in aventûr, stiik it skynfet op en kâm bûtendoar. Us man fortelde hjar syn wederwaerrichheden, en om 't er sa fatsoenlik reedde, en sa'n tsep uterlik hie, krige hja meilijen, liet him yn 'e koken komme om him to waermjen en warskôge onderwiles de frou. Disse, in jonge en glêdde widdou, siet yn 'e keamer, pronkmoai forklæid en by in tafel, fol fan 't kosselste iten en drinken. Hja wier dy joune folk to forwachtsjen, mar dy skynden wei to bliûwen, eat dat de frou net wakker sinnige, om 't it forfeelde hjar om allinne to wêzen, en hja wier krekt op wei om hjar dêr prot oer to meitsjen, do 't de faem ynkâm en fortelde fan de fremde jongkearel, dy 't sa hommels út 'e loft fallen komd wier. Dat trof sa moai as 't koe, en hja hjitte de faem, om him in fatsoenlik pak klean to jaen (hwant der hinge yet in kastfol fan hjar forstoarne man) en dan moast er by hjar yn 'e keamer komme. It barde lyk as hja 't bisteld hie, en ús man siet al ridlike gau mei syn gastfrou yn petear en sloech hjar oer hwat him dy deis bijegene wier.

It tsjeppe uterlik fan 'e fremde, syn greate-ljuesmenearen, namen hjar alhiel for him yn, wyls 't it aventûr, dat er hawn hie, hjar bilangstelling for him yet mear geande makke.

Hy fan syn kant tocht al gau like ginstich oer hjar as hja oer him. De goede ontfangst, dy 't er hjir foun, de pronk en útwrydskens om him hinne, it bêste iten en drinken, de leidigens fan syn gastfrou, hjar tsjeppe troanje, hjar kante lea, keine hâlding . . . dat alles wier wol ge-

skikt om to meitsjen, dat er gau syn ongelokkich aventûr forgeat en it mar ris tige nei 't sin hie. Hy hie it dy jouné as in prins, en do it einlings bêdgongers-tiid wier, kâm er op it pronkbêd yn 'e moaiste keamer to lizzen en forgeat yn swiet drôgjen de aventûren fan 'e dei.

De oare moarns teach er fierder en nei stêd; dêr foun er oan 't hûs fan syn âlde frjeon syn feint wer, dy er de jouné fan to foaren al oankomd wier, wakker yn noed oer 't lot fan syn hear en master. Mar hy hie al fan 'e moart heard en yet dyselde jouns it by de polysje oanjown. Dy hie d'r dalik by west en de dieven yet yn 'e bosk oantroffen, hwernei ek hja om 'e nocht onderdak krige hiene, mar op in plak, dêr se hjar allinne oan droech brea forite koene en fan de sinne net folle lêst hiene. Us man krige syn eindom wer, en de dieven hjar fortsjinne lean. Einlings teach er mei syn feint wer nei hûs. Onderweis tocht er d'r oer nei, ho it gelowe oan syn lokbientsje him ek diss' kear net bidragen hie, al ho min it er earst mei him foar like to stean.

Hy waerd it al gau dêrop iens mei de moaije widdou, en yet efkes letter wierne se troude. Sont dy tiid gong dy hear net jamk mear op reis, mar as se yn lettere jierren skylfisk op tafel hiene, dan sei er tsjin syn twa ljeave berntsjes — in jonkje en in famke —: „Dy bientsjes út 'e siden fan 'e fiskkopen moatte jimme net weismite, berntsjes! mar doch se yn 'e klomp; licht fine jimme dêrtroch eat, hwat jimme yn letter libben fan pas komt. En as de bern dan fregen en seijen: Het heit dêrtroch dan ek wol ris hwat foun? dan seach er syn ljeaf wyfke minlik oan en andere: Ja, ljeaven, in skat haw ik 'er troch foun en yet hjoed de dei makket dy my ta it lokkichste minske op 'e wrâld. En dan knikte hja him frjeonlik glimkjende ta en de bern seijen yn hjar onnoazelens: Dan scille wy dy lokbientsjes biwarje. Heit! Faek fine wy yn letter tiid dan ek sa'n skat as dêr jy nou sa lokkich troch binne.

Sont is it gelowe oan de deugd fan in lokbientsje algemien woar'n en libbet yet hjoed de dei onder 't folk foart.

## VIII.

### Ho it Halbe-boer ôfgong, do't er yn't iepenbier sprekke scoe.

Neist in goed tweintich jier bistie d'r in Westerbûrren in Selskip, dêr de foarnaemsten út it doarp lid fan wierne, en dat binamentlik ta doel hie om troch it hâlden fan foardrachten fan tiid ta tiid in nochlike joun to bisoargjen net allinne oan 'e leden, mar op fêststelde tiden ek oan elkenien, dy d'r nocht oan hie om dêr hinne to gean, en 'er in kwartsje yntré for oer hie.

Nou fan dat Selskip wier Halbe-boer ek lid, tosizzen gewoan lid, mear net. Dat er net as arbeidsjend lid oannomd wier, stiiik him wakker yn't krún, hwant hy byldde him yn, dat gjin ien moaijer foardrachten hâlde koe as hy, ongelokkich for him wierne d'oaren net fan dy miening: foarearst wier er mar in beuker fan in mantsje; dêr by seach er altyd, eft er d'iene op hie en d'oare krije scoe as se net mei genôch biwondering nei him harken en yet mear as se om him gnysken, hwat hast iderkear bard wier, sa faek as er yn 'e praetstoel plak nomd hie om to sprekken. By sa'n gelegenheit koe men neat fan him sjen as de holle, en de stikken, dy't er mei nuvere each-en wêzen-forlûkingen to foaren tsjanterere, wierne howol yn *syn* each folmakke, net geskikt om syn tahearders to formeitsjen. Sadwaende foel dan al de oandacht op syn lyts per-

soan en syn nuvere gebearten, en koe nimmen it laeitsjen litte.

Dat nâm net wei, dat er aloan wer soebadde om ris yn 'e praetstoel talitten to wirden en syn eigenmakke stikken foar to bringen. Nou einlings waerd him dat for in kear wer tastien. en men stelde him dêr to boppe yn útsjuch, dat as er 't goed makke, dan scoene se him faek letter ek yet as arbeidsjend lid oannimme. Dat lêste onthjit wier lykwols kleare bare gekoanstekken, mar Halbe-man nâm it for efte mint oan.

De neistfolgjende gearkomste wier in bûtengewoane, dêr ek frouljue by talitten waerden, en Halbe-man sette him onbidich to-skrip, om in moai stik for dy jouns ré to hawwen, dat de frouljue ek sinnigje koe, hwant hy pandoerde d'r op om ek by hjar yn in goed bledtsje to reitsjen. Men koe noait witte, hwer 't goed for wier, tocht er, om hy roan yette op frijersfoetten, en sa lyts as er wier, siet 'er moai skiklik frouljues-flesk oan him. Alleman formakke him al by foarrie oer de nuvere stikken, dy 't Halbe fêst dy joune wer foardraeije scoe; hja hiene him dan ek allinne talitten om hjar, sawol yn wierheit as by menear fan praten, op syn kosten to formeitsjen.

Sadré er yn 'e gearkomste forskynde en yet foar 't er oan't wird rekke, wierne hja d'r al mei bigoan. „Hwat docht dat poarre hjir?“ sei 'er ien om him to nytgjen. „Kom, kom!“ andere dêrop in oare'n, dy 't yn 't sin hie him hwat fan 'e hûd to skûrren, „dy man heart hjir like goed as wy, hwerom him to hjitfalgjien? Hy hie 't sa goed foar, en woe om to begjinnen foart fiif flessen wyn jaen: sa wier 't ommers ôfspritsen, wel âlde?“ En Halbe, howol 'er neat ôfspritsen wier, andere reslút wei: „Ja, wisse! der bin 'k gjin houn oer.“ Hy joech se dan ek, howol er ynwindich nidich wier, mar hy tochte, ik wol it foart net mei hjarren oan 'e stôk ha; earst myn foardracht en dan scille wy ris sjen, eft se my yet de gek oanstekke doarre. Hy mocht lyts wêze, bang wier er net, en as se

mei him bigoannen, en 't op fjúrslachs deilisskip útdraeide rekke syn partij d'r for 't minst noait sonder to-roppe klean ou.

Einlings foel de hammer fan 'e foarsitter op 'e tafel en Halbe rekke oan't wird. Wonder boppe wonder, en tsjin alle forwachting yn, syn foardracht foldie disse kear skoan. Do 't er 't stik út hie, winske alleman him gelok, dat er 't sa moai makke hie. Hy miende alderdigerst to bimerken, dat ien fan de frouljue, dêr 't er froeger al ris in blauwtsje by oproan hie, him nou frjeonlik oanglimke. Dit iene mei 't oar makke him de holle sa oerstjûr, dat er op 'e faem tafleach om hjar to tútsjen. Mar dy drystens kâm him djûr to stean en waerd de oanlieding fan alle ongelok, dat him disse joun bijegenje scoe. Yn pleats fan hwat er winske krige er fan de faem in lawibus oan d'earen, dy 't raek wier, sa 't er oer 't ein trúdele en om syn forstân socht. In boekje, dat er yn 't jasje bûs hie, foel der dêrtroch út en laei oer 'e groun. Wyls 't de oaren laken en ús man oer ein klaude, hie in oaren-ien syn boekje al opkrige en snûfde dat ris troch. „Dat is ommers it stik, dats-te joun foarlêzen heste,” sei dê man einlings, „en dat hjitte moast, dat-s-te 't sels optocht hieste.”

Nou wier 't opklearre, hwerom Halbe jounich sa'n moai stik hawn hie, en hy skamme him ta de teannen út. „Dat lychste!” bialtte er. Mar de man, dy 't it boekje hie, joech it bidaerd syn bûrman oer, dy in kop greater wier as hy en hwa Halbe, wegens syn lytsens, it net ontskûrre koe. Sa gong it boekje de rige lâns fan d'iene hân yn d'oare, en ho mear war it lytse mantsje die om syn eindom wer to krijen, hwat mear d'r lake waerd en hwat pûrder hy wirdde. Us man griip nei syn hoed — sa'n greate fiifkop, wiid van boppen en nei onderen nau útrinnend, lyk as do moade wier, — hij sette dy op en woe de doar út. Mar hy birette him en kâm werom, doch de hoed hâldde er op.

Onderwyl wier it boekje oanlânne yn 'e hânnen fan Sible Kealleboer, in kearel fan great seis foet lang. Halbe rikte

him krekt oan 'e mil ta. Mar howoi dy man him wol meitsje en brekke koe, fleach Halbe, nou for goed nidich woar'n, op him ta om him it boekje to ontskûren, en do dat net slagje woe, bûke er pûrrazen mei de fûsten op Sible om, hwer 't er him mar reitsje koe. Fierder as de mil koed er lykwols net komme. Sible krige, lyk as to begripen is, al gau syn nocht fan dy terskerij en sloech, batsdy! Halbe op 'e kop, dat er oan 't kin ta yn 'e hoed wei rekke, en joech him yet in skop, dat er yn sittende hâlding oer de flier to-lânne kâm.

Dat joech in spil fan geweld: laeitsje, dat se skodden! en dat boaze ho langer ho mear oan op it sjen fan dat lytse mantsje, dy 't forgeese war die om út 'e hoed te kommen, en mei earmen en skonken om him hinne maeide as in skermman yn 'e stoarm. Dêrby liet er in gegrâns hearre as in bear mei de mûlbân om, hwant hy wier pûr fan eangst en lilkens en koe boe of ba sizze, ja de siken bisetten him.

Einlings rôp 'er ien: „Help him út 'e hoed ef hy smoart!” En dat hie op 't lêst sikersonk oangien. Do oan 't lûken; mar de hoed siet mûrrefêst; de noas kearde it jin, as men de hoed omheech lûke woe. Ien fan de frouljue hie gelokkich in skjirre; dy waerd 'er by to pas helle en de hoed fan onder ta boppe opsnijd. Do for 't earst krige bûkeman wer lichten; mar de noas wier him skyld, it bloed roan d'r út en de man wier yette pûr. Hy woe begjinne op to spatten, mar syn lûd stoar wei onder it gierende laeitsjen fan de omstanners. Einlings hâldde dat op; men joech ús man hwat Berenburg om to bedarjen, en dat smakke him nei al dy alteraesje sa goed, dat er dêr yet forskate oerhinne kofte. En sa kâm er de jouns thús sonder hoed, mei in skylde noas. in stik lead op 'e holle en lilkens yn 't gemoet.

Ien ding bleau er fan oer: dy storje hie him ta 'n ôflear wêst, noait gong er wer út om yn in gearkomste to spreken. En om 't er dêr ek gjin talint for hie, wie' dit de wiiste wei.

## DREAM OF WIERHEIT?

---

Der wier ris in man, dy wier warber en goed en hy hie in flink wiif, dêr 't er skoan mei koe, en as in oar nei de herberge gong, dan bleau hy thús. As feint hied er sa net west; do mocht er graech i's nei de herberge gean om in súpke en om in spiltsje kaert; mar dat like er nou forgotten. Ongelokkich for him krige er in oanstjerte, sa'n goed twa tûzen goune. Dat scoe for mannich-ien oars in gelok west ha, — mar ús man wist syn rykdom nin ein, joech it arbeidsjen oer en libbe út 'e wisse. En om 't er him nou thús jamk forfeelde, kâm syn âlde wenst wer boppe. Hy bigoan wer to herberch-rinnen en to kaertspyljen en kâm jouns jamk mei in stik lead op 'e holle thús. As er dan d'oare moarns to-wekker waerd, wist er fan neat ef it kâm him allegearre foar as in drôch, hwat 'er de jonne to-foaren bard wier.

Dy omstânnichheit nâm syn wiif, hwa 't syn hâlden en dragen al lang yn 'e wei west hie, to-baet om him op in nij en for goed fan 't sûpen en spyljen to genêzen.

Nei 't er op in jonne wer út é herberge mei in tige rú-zige holle thúskomd en op bed gien wier, wirdt er æ moarns to-wekker en sjucht wakere forheard en ontheistere. „Och, hearink!” seit er tsjin syn wiif, as *dit* gjin dream is, dan is 't nou binaud!... Sjuch, ik drôge to-nacht, ik siet

op 'e joun yn 'e herberge en hie lyts twa tûzen goune yn 'e bûse. Do kâm 'er in fremd persoan by my; dy en ik bigoannen to kaertspyljen en it dûrre net lang, do woan er my alles ôf. . . ." „Ja, *wier* 't mar in drôch!" suchtte syn wiif, op hjar wize tige forslein, „dôch it is mar al to wier; nou binne wy earm lyk as tofoaren en der yet slimmer oan ta, hwant nou biste dêrby ek fan 't arbeidsjen ôf wend. . . ." It wier ús man as er in slach foar de holle krige, do er dit hearde. Hwat er miende dreamd to hawwen, wie dan wier! . . . Fan skamte en djip birou bleau er dy deis op bêd, en hy biwondere yn stillens syn wiif, dat dy him net yn 'e ôfgroun forwinske, lyk as er fortsjinne hie, nei 't er tocht.

Mar it wyfke krige de skat, dy yet goed biwarre wier, stil út it kammenet en brocht it jild op in oar plak yn feilichheit.

Hjar man wier en bleau fêst yn 't gelowe, dat er it alle-gearre forspile hie, joech him d'oaredeis wer oan den arbeid en waerd wer flitich en warber lyk as tofoaren. Troch sa to hânneljen socht er ek by syn wyfke wer goed to meitsjen, dat er hjar mei yn 't leech fierd hie, lyk as er miende, en nammers to mear wier er d'r op út, om 't hja dêr sa fordildich onder bleau, en him gjin forwittings die

Sa krigen se wer in skoan libben to-gearre ont se âlder waerden en it arbeidsjen de man bigoan to ontkommen. En om 't er do for goed genezen wier, fortelde it wiif him einlings ho se him yemmels, mar ta syn eigen bêst, tofiter hawn hie, en dat hjar kaptaeltsje yet goed en wol biwarre wier. Do wier ús man sa bliid as in protter en priisge syn wyfke om de snoade ynfal, dy 't se hawn hie, hwer troch hja nou op hjar âlde dei yet sa lokkich bisoarge wierne.

## De Bitsjoende Parbeam.

Der wier ris in hear en dy hie in faem om de húshâlding for him waer to nimmen. Nou wier dy húshaldster in tige tsjep frouminsk en dy hear hie yet sa'n min gesicht net, ef hy koe dat ek wol sjen. Troch dy wei krige er al gau smicht op hjar en woed er út of yn net lije, dat se ris in frijer krige. Mar om hjar ta syn wiif to freegjen, dat kâm net yn him op. Dêrfor seach er to heech. Dat hie de faem wol yn 'e rekken en dêrom woe se ek neat fan him wite. As in fatsoenlik frouminske, lyk as hja wier, hie se ljeaver in earlike forkearing mei ien út hjar stân en dy hjar miende. Koartom, hja krige forkearing mei de *feint* en 't plan wier, hja scoene de lapen by enoar smite sadré se togearre in bistan hiene. Mar hja lieten hjir tsjin nimmen eat fan skine — dat dy hear it net wys wirde scoe — om, hja wisten wol, oars wierne hjar kcnyn-tsje-dagen hjir út, en hja hiene yet neat om sels de húshâlding op te setten. Lokkich for hjar bleau disse fen dy frijerij onkindich en de measte part hiene der ek gjin erch yn. Mar der wier dôch ien, dy er eat fan mirken hie, en dat wier in goe' frjeon fen de hear, dy er wol gau ris oan hûs kâm. Dy goe' frjeon wier in bjuster aerrich man, ef eintlik in rare bruijer; hy wier mei alle ljue gemien en in earste bysfeint, dy altyd nocht oan grappen hie. Sa makke er wol gau i's in praetsje mei de feint.

„Jonge”, sei er op in kear tsjin disse (hwant hy woe

him ris tantsje), „t falt my ôf fan dy, datste yet net mirken heste, ho'n gnap frommis jimme húsfrou-faem is. My tocht, do hieste hjar al lang ris in tútsje ontstellen.... Scoest' dat wol dwaen doarre?"

„Ja wis wol!" sei Jan (sà hjitte de feint).

„Ek wol as dyn hear der by is?"

„Nou dat wit ik sa lyk n't."

„Dat scoe'k, as 'k dy wier, ek mar net onderlizze, hwant den scoe dyn hear wis tige lilk wirde en dy foart jeije."

„Sa mál scoe 't, tink ik, yet net komme."

„Nou, harkje ris: aste hjar in tútsje jaen doarste, dat dyn hear it sjucht en hy wirdt er net lilk om, dan....."

„Nou, hwat dan?"

„Dan krijste fan my túzen goune; mar ik wit wol foarút, dat ik se dy net ta hoeg to tellen."

„Om túzen goune, dat ik it döch."

„En dyn hear scil net lilk wirde?"

„Hy scil 'er net lilk om wirde."

„En honear scil it wêze?"

„Hjoed yette, as 't Mynhear goed is. Ik haw er al hwat op bitocht om de túzen goune to fortsjinjen."

My is 't goed... dos hjoed... ôfpraet.

De goe' frjeon lake al by foarrie om de grap, dy er bilibje scoe en Jan lake ek, hwant dy túzen goune liken him moai ta. Mei sa'n somme scoed er der út wêze en syn eigen man wirde kinne.

Harkje nou goed ta, frjeonen, hwant it moaiste komt yette.

De oerdeis sieten se mei hjar trijen yn 'e tún onder it skâd fan in parbeam to thédrinken. As ik siz mei hjar trijen, dan mien ik: de hear mei syn húshâldster en de goe' freon. Jan wier dêr in eintsje ôf en pielde út skyn sawwat om. Mar hy seach út en troch fan syn wirk op en nei de faem, om hy hie hjar al mei syn plan bekind makke en hjar ynskúnd hwet se sizze moast.

Do er hjar dan sabeare sonder erch foarby scoe om yet eat to bioarderjen, rôp hja him en sei: „Hea Jan, dêr hingje

yet sa'n pear moaije kykapels, parren mien ik, dy moaste al for ús ploaitsje."

„Jonge ja," sei de hear, „dat moat wêze. To Jan, dû kinste yet wol kladsje."

Jan kleau as in kat yn 'e beam, mar do er de parren plôke hie, bleau er stil op in tûke sitten en seach de ljue oan, krekt as er biskamme wier.

„Nou," sei de hear, „ho is 't, bist fan sins om dêr hjoed to bliuwen?"

„Mynhear," andere Jan, „itjinge ik sjuch bikomt my sa nij, dat ik er al hiel fan út 'e mikke bin. Ik kin siker hast net del komme, sa sit it 'er my fan yn 'e skonken."

„En hwat sjuchtste dan, dat dy sa oerstjûr makket?" frege de hear binijd.

„Moat ik dat ek yet sizze? Eij, mynhear, jy meije jou skamje, dat jy hjir byljachtskyndeï en foar allemans each mei de faem sitte to frijen. Dat hie 'k net fan jou forwachte."

„*Hwat* seist' dêr, smjeont? *Ik* mei de faem frije! Ho kriġst' *dat* yn 'e hersens?"

„Wel ik sjuch it ommers foar myn eagen en ... oars ha 'k it my sa sterk forbylde."

„Mar dat is ommers net mûlk!" sei de hear. „Soks kin nin ien him forbyldsje, of hy moat pûr sljucht wêze."

„Ef de parbeam moast bitsjoend wêze, dat scoe ek wêze kinne," sei de faem, — hwant hja hie hjar rol goed fan bûten leard.

„De parbeam bitsjoend!"

„Ja, ik stel bygelyks de parbeam is bitsjoend, en nou kin immen, dy 'er yn sit, him dêrtroch wol forbyldsje eat to sjen, dat yn wierheit net bart."

„Dat moat ondersocht wirde!" rôp de hear, dy in bytsje lichtleauwich wier.

Dit sizzende klantere er sels yn 'e beam en do er dêr boppe yn siet, sloech Jan de faem de hânnen om 'e hâls en tûtte hjar, dat it klapte.

„Jan?“ rôp de hear út 'e beam, „siz my nou op dyn consjinsje ôf, frijste dêr mei de faem of net? ik kin net oars sjen as datste dêr drok mei toset biste.“

„Ikke? né, mynhear!“ andere de feint, sabeare onnoazel, „dêr tocht ik like min om as om de ûre fan myn dead.“

„Nou, dan ha 'k it my mar forbylde, en dan giet it my krekt lyk as dy niis“, sei de hear wer, „mar dan is 'er ek gjin twivel oan, dat de beam bitsjoend is. Jan, jonge, ik forjow it dy, datste my niis sa onrjuchtfearlich bitige heste dû koest' it net helpe, — mar dy beam scil 'er út.“

Jan hie lykwols mei de faem frijd en de hear hie 't sjoen en wier 'er net lik om woar'n, hwent hy miende, dat er 't him mar forbylde hie. De feint hie dos de tûzen goune earlik woan, en de goe' frjeon hâldde syn wird. Hy joech dy somme oan Jan en disse troude al gau dêrop mei de faem. Do earst waerd de hear wys ho se him to-fiter hawn hiene en hy skamme him om syn eigen lichtleauwigens.

---

STOARJE FAN TOMKE.

*In forteltsje for de Bern.*

Dêr wier ris in man dy wier boer en syn wiif wier boerinne. Dy ljue hiene gjin bern en hja woene sa minlike graech ien ha. Mar einlings en to'n lêsten krigen se dôch hjar sin. Op in moaije dei yn Maije brocht de skûteboer hjar in boike, en do wierne ús ljue sa bliid, dêr wier d'ein fan wei. Mar sa onnoazele lyts as dat boike wier, dêr witte jimme gjin foarbyld fan: hy wier nammentlik net greater as syn heite tomme. Dêrom tocht men, hy moast mar Tomke hjitte, dat wier in geskikte namme for him, en sa waerd er dan ek doopt. Hy moast ek yn 'e klean fansels, en Mem makke him in kreas pakje, dat er ek lang drage koe. Fan in iken blêd makke se him in hoed mei in moai brede rânne, om 'e sinne. In himdtsje fan sêfte spinreage krige er oan en fan de ripe plom fan stikels waerden hoaskes for him breide. Syn broekje, dat út in apelskyl makke wier, siet him sa kreas as in kriûsbei. Dan krige er yet in pear skoechjes út in mûzefel en dêrmei wier 't klear.

Sa oanklaeid stoep er parmantich de doar út en joech him by d'oare bern op 'e strjitte, — hwant do 't er in heal ûre ald wier, koed er al rinne. Allerhânne flinken sette

er dêr dan út, en as er it to bot makke, dat men him efternei siet, dan kroep er forside yn d'oare jonges hjar bûsen. Mar soks bikâm him ienris min, hwant hy kâm yn in houtene griffelkoker to-lânne. Hja diene it dopke d'r op, en do siet er fêst. Hy rekke wol wer frij, mar 't wier him dêrom foart net forgetten. Sahwat hiene se him net om 'e nocht bakt, en hy scoe se d'r wol for helpe. Hy die de bern fan alles foar, dat se him net neidwaen koene, en om 't se 't dôch bisiikje scoene, sa 't er tocht. Mar as se 't bisochten, dan briik 'er faek ien in earm ef in skonk of krige oars in reis. En dan Tomke hird nei hûs, en Mem slútte him op, dat se him net bisette koene.

Yn 'e slachttiid, do 't mem oan 't woarstmeitsjen wier, moast er foaroan mei by, hwant sahwat hied er nog noait sjoen. Mar 't ongelok woe, dat er yn 'e panne mei woarst-flesk foel, en Mem dikere al wakker, mar koe him net wer fine — sa rekke er yn in woarst. Mar do dy mei oer 't fjûr kâm, fleach de hiele boel ta de pôt út en oer de fier. Mem tochte, dat wier gjin suver spil en joech de woarst gau wei oan in skearsliper, om dy kâm krekt oan 'e doar. Dy treau se yn 'e sek, dy 't er op 'e rêch hie, en tôle d'r sa mei foart. Do t'ei lykwols oer in hikke kleau, kâm Tomke út 'e woarst en pjukte him yn 't fel wyls 't er sei: Hwat scoest nou, heite? Dêr waerd ús man sa alderheislikste kjel fan, dat er 't op in rinnen sette en om sek ef woarst net mear tocht. Mar Tomke kroep gau út 'e sek en teach woltomoede wer nei hûs

Op in moarn nâm Mem him mei nei 't lân to meltsjen; dêr boun se him oan in stikelpôle fêst mei in tried, dat er hjar net ontkomme scoe, hwant it waeide ek yet al gans. Mar o hea! dêr kâm in kou oan; dy friet de stikels op en Tomke-man mei. Do 't Mem 'er by kâm wier 't sté kald. Wiles kralde Tomke yn 'e kou hjar liif om en narre se sa lang ont it earne bist bigoan to koarjen.

In setsje letter tochte Heit, hy moast him hwat oanslach jaen en nâm him mei te ploechdriûwen. In swypke fan in

hjouwerstrie krige er yn 'e hân. Mar hy rekke al gau to fallen en yn 't kluterige lân to-siik. Do kâm er in skierkert, dy pikte him op en liet him efkes letter wer falle, krekt boppe in stins en ta de skoarstien yn.

Op dy stins wenne in reus; dy slokte it boike wer yn, mar foart dêrop spuide er him ek wer út, en yn 'e sé.

Do hapte in greate fisk him wer op. Dy fisk waerd fonngen en oan 'e kening brocht. Sa kâm Tomke oan 't hof fan 'e kening en dêr brocht er fierder syn libben to'n ein.

Och, hwat hied er 't dêr bêst, by de kening oan 't hôf, hwant elk-en-'en wier dêr like mâl mei him. Nou, hy die ek fan alles om se to formeitsjen, hwant kinsten forrjuchtsje, koed er omraek. Gong de kening d'r op út, dan moast Tomke mei, en dan siet er foar him op 't hynsder yn 't biklaeisel fan 't seal. As 't dan bigoan to reinen, kroep er biskûle, troch in knoopsgat de kening op it boarst. Ienris, do't er wer sa smûk dêr siet, frege er de Foarst om in jifte. Syn âlden wierne earm, sei er, dêrom woed er safolle silverjild for hjar hawwe, as er mei skik toaije koe. Doch leau mar, dat er gau genôch hie. In dûbeltsje wier for him al gâns in dracht. 't Wier oars mar in foech heal ûre geans nei syn âlders hûs ta, mar Tomke roan d'r twa etmiel oer. Hwat moast er onderweis switte, en hwat wier de stumper wirch, do er einlings thúskâm.

De âlde minsken wierne wakkere bliid, do se it boike werseagen: hy moast earst efkes op Memme skirte om to bikommen, en do sette se him yn in nûtsdop by 't fjûr. Hy krige in hazzenût to iten; dêr hied er oars for fjouwer wike genôch oan, mar nou waerd dy yn trije dagen bihimmele, hwant dêr wier skroei. Troch dat oerstallich iten waerd er onhjirmelike siik; soks die 't, dat er gâns in toarn thúsbleau. Mar hy wier sa ier net wer better, ef hy krige sa'n swiden langst om wer nei 't Hôf, dat hy woe wer foart. Mar it wier yn April en bywilen bare onljich, dêrom seach er tsjin 'e reis oan. Op 't lêst nâm Heit in blaespiip en bloes him yn ienen der nei ta.

Dêr wierne hja bliid, dat se Tomke werseagen. Hy woan it altyd fierwei en koe alleman oer, as 't er op oan-kâm om kriich en retsummens to toanen, en dêr wier nou krekt skoan gelegenheit ta. Hirdrinnen en oare spillen, fan alles wier er nou to dwaen oan 't Hôf, en Tomke koe altyd fierwei bêst. Op 't lêst kâm er lykwols ien, dy wier dat yn 'e wei, en dage Tomke om mei him to wrakseljen.

Doch mar amper wier de striid bigoan, do fleach it feintsje dwers troch 't hynsder fan syn partij, foar yn en efter wer út, en sa rêd gyng dat yn syn wirk, dat allinne de kening en de keninginne it seagen. De lêste wier dêr sa oer foldien, dat se him in ring presint joech. Dêr sprong er sonder kantroeren troch, krekt as ien yn 't pear-despil troch in hoep. Yet mear diich er, hwer 't er alleman pyk mei sette, mar dat fûle skrippen oer syn meuch koed er op 't lêst net mear úthâlde. Hy rekke al skielk yn 'e pogge. De kenings master waerd er al gau byhelle. Dy hie in brul, dêr 't er it lytste en fynste troch biloaitsje koe. Dêr biseach er him it tonkje troch; mar dêr wier neat oan to dwaen.

Tomke siikte boaze hird oan, syn lytse lichem waerd linkenwei lytser, sa 't er op 't lêst mar skraech mear to sjen wier en mei gauwens joech er 't op. Elk moide it om it boike; fjirtich dagen lang wier men fan him yn 'e rouwe. In sierlik úthoude stien waerd 'er op syn grêf set, en syn namme bleau yn oantinken ont hjoed de dei.

## LYK OM LYK.

Tsjerk Retsum, in gernier út 'e Wâlden, wier nêst in wike ef hwat troude mei in kreas en himmel jong wyfke, dêr 't er ek tige mâl mei wier. Nou, Berber, — hwant sa hjitte hja — wier mei hjar man ek tige forgilde en noait blider as dat er jouns mar by hjar thús wêze koe, nammers to mear, om 't dit net sa jamk barde; hwant Tsjerk hânnele ek yn sieden, en wier troch dy wei al folle fan honk. De saken gyngen dôch foar. Mar as er 't skikke koe, wier er ek mar ljeafst by syn wyfke thús, en dan hiene se togearre alle wille. Dat nâm lykwols net wei, dat se de ljue, dy hjar ris forsochten, dôch frjeonlik onthellen en 'er wol oer mochten as 'er ris ien ef mear fan 'e bûrljú oerkamen to praten.

Sjerp Slynsmâ en Greult Strún, dy ek beide troude wierne, kamen wol gau ris in joun by Tsjerk-en-hjar to frjeonsprekken en waerden dan altyd tige let en set, hwant Tsjerk hie nog al hwat ginst fan hjar. Nou hiene dy beide frjeonen dat oer hjar en kamen dêryn oerien, dat se oarljues frouljue ljeaver skynden to hawwen as hjar eigen, binamen as dy moai tsjep en leidich wierne.

Sa smieten se al gau, sonder fan enoar to witen, eagen op Berber, en om 't dy altyd like frjeonlik tsjin hjar wier, rekken se yn 'e forbylding, dat it jonge wiif maklik to forlieden wêze scoe. Hja kamen dos ho langer ho faker en dan meast as Tsjerk om utens wier. Nou kâm Sjerp en dan Greult en soms allebeide tagelyk. Dan hiene se allerhânne flúnske praetsjes, hellen swiere siken op en stinden

en knypeagen, allegearre om Berber fiele to litten hwer 't hjar om to dwaen wier.

It jonge wiif hie der to'n-earsten gjin erch yn, njonke-lytsen bigoan se to twiveljen en einlings waerd it hjar klear hwat dy beide snúshoannen mei hjar woene, en nou skruten woar'n, klage se Tsjerk hjar need.

Dat Tsjerk pûr wier, do't er alles wiste, kin men wol tinke, hwant hy woe syn parren net fan in oar bitomke ha, en hy nâm foar him, dy beide skarlunen for goed to plak to setten en 't hjar yn te drujen, dat se syn wiif foartoan gewirde litte koene. Dat moast lykwol barre sonder opskûr to meitsjen, hwant as in oar it to witen kâm, scoe Berber ek oer allemans tonge gean en hjar eare en goede namme der onder lije. Hja hie hjar sels yn dit stik wol neat to forwiten, mar ho giet it mei de rabberij? — de onskuldige moat er trochrings it meast om lije.

Nei hwat oer en wer praten hiene ús ljue einlings hjar plan klear en waerd dit al gau dêrop to'n útfier brocht. Ho en op hwat wize, scil ik nou fortelle. Op in joun wier Tsjerk sabeare fan hûs gien. Berber hie de deis Sjerp en Greult de wink joun, dat se komme koene en disse lieten net op hjar wachtsje. De beide gasten scoene mar ris tige onthelle wirde, sa 't like, hwant do se yn 'e hûs kamen, stie der fan alles op 'e tafel en Berber moai forklaid 'er by. Hja wier sa frjeonlik dat! en noege ús beide manljú út om mar by to skikken. Disse wierne alhiel yn 'e bladeren en tochten net oars as nou wierne de rapen gear. Mar och hea! wyls't men tarissing makke om oan tafel to gean, kloppe der hwa oan 'e doar. „De doar op 'e skoattel!” rôpen Sjerp en Greult tagelyk. „Né, sei Berber, hwant dy dêr kloppet is myn man. Hy moat jimme hjir joun net fine; krûp forside, hjir yn 'e kast, gau!” Sa pratende krong se de beide manljue yn 'e kleankast, die de doar ta en — Tsjerk kâm yn 'e hûs.

— Dêr bin 'k al wer! rôp er, ik kâm to let for de boat, nou bliûw ik joun by dy thús.

Jimme begripe, dat sei er sa mar, hwant hy hie de doar net út wêst. 't Wier alles opstitsen wirk twiske him en syn wiif.

„Mar”, sa forfolge er, „it liket wol dat hjir bisite wêze seil, dat stiet 'er goed foar.”

„Och ja, sei Berber, ik siet hjir sa allinne en nou hie 'k ús bûrwiven Sjerpe Fetsje en Greulte Hoatske, hjir jouns forsocht, dy hjar manljue wierne ek út. Mar hja kinne nou om myn part wol weiblûwe.”

„Witste hwat, andere Tsjerk, dû heste de kosten 'er nou om dien, hja moatte nou ek komme; helje se mar effen, ik seil salang wol húswarje.”

Nou, Berber gyng de doar út en kâm effen letter werom mei de beide frouljue dy hjar manljue hjir yn 'e kast sieten en fan spyt en nidigens al pûr wierne. Doch hjar straffe bigoan yet pas. Hja scoene yet lang wachtsje, en nog gans hearre matte, dat hjar net oanstie, ear 't se los kamen. Wyls't se yn dyn eare, tsjustere kast bisletten sieten en elts wird hearre koene, dat ús ljue yn 'e keamer mei enoar forwixelen, gyngen disse oan tafel om de spillen, dy dêr ré stiene, eare oan to dwaen. Fan it eagenblik ôf, dat Berber mei de beide frouljue ynkomd wier, hie it petear net stilstien en hja reden ho langer ho drokker. Tsjerk die in steil wird tsjin 'e frouljue en streake en flaeike se, dat Fetsje en Hoatske net wisten ho se it mei him hiene en 't bywilen útkraeiden, as wierne se bang, dat er hjar op 'e side krûpe scoe. Soks die Tsjerk om de manljue, dy yn 'e kast sieten, to narjen, hwant al founen disse 'er gjin bien yn om in oarmans wiif ta ontrou te forlieden, hja woene dôch net lije dat in oar *hjar* frouljue to nei kâm. Mar om hjar sels net iepenbier to meitsjen, hâlden se hjar yet yn. Hjar gedild scoe lykwols yet swierder op 'e proewe steld wurde! Berber hie it sâlt op 'e tafel forgetten, en hja doarst sabeare net allinne nei de koken om it to heljen; nou, Fetsje sei: hja scoe wol effen meigean. It dûrre yet al in setsje ear 't se werom kamen, en wiles siet Tsjerk

mei Greulte wiif, Hoatske, salang allinne. Tsjerk nãm dy gelegenheid waer om Hoatske allerhãnne moais to fortellen, hwet frouljue ornaris graech hearre, en op 't lêst bearde er, hy woe ris mei hjar frije. Do koe Greult it yn 'e kast net langer hirde, hy woe der út en op Tsjerk los. Mar Sjerp hâlde him to-bek. „Dou scitte wol wizer wêze”, lústere Sjerp, en meitsje dy sels en my net to skande. 't Bêste is nou, dat wy dit oer ús hinne gean litte en mar tinke, wy krije ús fortsjinne lean.” Nou, Greult liet him yet riede. In setsje letter moast er in flesse wyn út 'e kelder komme en Berber mei Hoatske gyngen om dy to heljen. Nou bleau Tsjerk salang mei Sjerpje wiif, Fetsje, allinne en do bearde er wer krekt as niis, hy woe ris mei hjar frije. Do wier 't Sjerp syn bar om nidich to wirden en woed er út 'e kast om op Tsjerk los to gean. Mar nou hâldde Greult him to-bek, lyk as er sels Greult niis to-bek hâlden hie, en moast er 't oanheare ho Tsjerk mei syn wiif omflaike en streake en disse dêr net fij fan like to wêzen.

Einlings wier de bisite ôfroan en de frouljue gyngen nei hûs. Effen dêrnei stelde Berber de beide manljue ek yn frijheit en gniisde hjar omraek út, dat se mei sa'n lange noas ôfdræeje koene. Tsjerk wier der wol foar om se yet in omrake trewinkel mei op reis to jaen, mar syn wiif kearde dat jin; de les hie sa goeddernôch west, tocht hjar, en dat wier ek sa; hwant dy frijers makken 't hjar tonei noait wer lêstich.

## DE SPOEKJENDE FRIJER.

Der wier ris in âld kriichsman, dy lang oanien tsjinne hie. Einlings krige er syn nocht fan 'e tsjinst, frege syn ontslach en teach nei hûs. Sa komt er onderweis de jouns yn in herberge en freget as er dêr de nachts ek bliuwe koe. Mar der waerd him sein, dat men hâldde gjin sliepers. Hja hiene oars keamers genôch leech stean, mar men koe der him net bêdsje; hwant 'er kâm alle nachten in spoeck yn 'e hûs, dat de fremde man omraek hwat op 'e hûd joech as se 't weagje doarsten om 'er to binachtsjen. Mar dat nijs skrikte de soldaet alhiel net ôf. Bring my mar yn hokker keamer as jy wolle, sei er, bring my ljocht, wyn, in pipe en tobak en wêz fierder mar net yn need; ljue as ik en myn gelikens, dy onder tsjinst griis warden binne, dêr ha de spoeken 't min op stean. Om 't er sa reslút wier, wiisde men de soldaet in keamer en brocht him dêr alles hwat er bisteld hie. Do bigoan er to drinken en to smoken en bleau sa sitten ont middennacht ta. Mar it spoeck hie de djippe stilte yn 'e hûs yet net forsteurd, it like wol, dat it siker bang wier foar de nije gast. Twiske ienen en twaen lykwol hearde d' âlde kriichsman yn ienen in heislik gebear en 't rammeljen fan izer — en foart dêrop seach er in ougryflik spoeck by him yn 'e keamer kommen. It wier yn in lange swarte mantel bitrolle en hie in îzerne keatling om 'e mil. Mar ús man waerd er oars of oars fan. Hy gong op it skynsel ta en joech it mei de platte kant fen syn sabel in trewinkel op 'e kop, dy der

net om ljeugene. De geast, dy net wend wier om sokke dryste gasten aan to treffen, joech in lûde gjalp fan him en, do er fornâm, dat de soldaet him ré makke om op in nij to bigjinnen, foel er troch de koer en sei: Genade, mynhear de soldaet, jouw my asjoubljeaft net mear; ha meilijen mei in earme stakker, dy op syn knibbels barmhertigens ôfjûntet. Aste it libben hâlde wotte, sei de soldaet, dan moatst' my sizze hwaste biste en earlik opbychte feint! ef ik slach dy dwêrs troch, lyk as de ridders by âlds de reuzen diene, dy hjar yn 'e wei kamen. By dy wirden kâm de sabeare geast, dy nou seach mei hwa 't er to dwaen hie, ta 't bislút om alles to bikennen. Hy sei tsjin 'e soldaet: Ik bin de greatfeint yn disse herberge, ik hjit Jan en ik ha smucht op Janke, de ienichste dochter fan 'e kast'lein, en hja mei my ek wol ljije. Hjar âlden wolle hjar lykwols boaskje oan ien, dy hwat mear is en om soks to biletten en to meitsjen, dat ik einlings dôch hjar swager wirde scil, binne wy (de faem en ik) it iens woar'n, dat ik alle nachten for speok spylje scil. Ik slach in lange, swarte mantel om, byn my 't skoarstienkeatling om 'e mil, en sa optakele sjou ik it hiele hûs fan onder ta boppe troch, wyls 't ik al it spul útjouw, dat jy niis heard ha. As ik by de baes en frou foar de keamersdoar kom, bliûw ik stean en rop: Tink net, dat ik jimme mei rêst lit, foar 't jimme Janke mei jimme greatfeint trouwe litte! As ik disse wirden mei in hol en grou lûd utere ha, rammelje ik wer mei myn keatling en kom einlings onder 't rant troch yn in keammerke, dêr Janke allinne sliëpt, en fortel hjar hwet de spekerij útwirke het. Mynhear de soldaet, sei Jan fierder, jy fornimme wol, dat ik jou de wierheid siz; ik wit, dat jy my, nou jy alles wite, yn 't leech fiere kinne troch oan 'e baes-en-hjar to sizzen hwet hjir bart; mar as jy, yn sté fan my sa'n minne tsjinst to dwaen, my helpe wolle . . . . ik swar jou, dat myn tankberens . . . . En hwat tsjinst forwachtete fan my? foei de soldaet him yn 't wird. Jy ha oars net to dwaen, forfette de jongkearel,


as moarnier to sizzen, dat jy de geast sjoen ha en dat er jou sa bang makke het . . . . Mar de soldaet foel him wer yn 'e reden mei to sizzen: My bang makke? Jy wolle ha, dat in soldaet sizze scil, dat er bang wêst het? Ik woe yet ljeaver . . . . De feint liet him net útprate, mar foel him op syn bar yn 'e reden. Nou, dat is ek just net nedich, sei er, alles goed bisjoen, kin 't my ek neat skele *hwat* jy sizze, as 't mar tsjinje kin om myn plan yn 'e hân to wirkjen. As ik troud bin mei Janke en in sté ha, onthjit ik jou, dat ik jou, sa faek as jy by my oankomme wolle, om 'e nocht traktearje scil, jou en jins frjeonen der by. Dat seit bêst' mynhear Jan! rôp de alde kriichsman út, jy stelle my foar om in bidragerij to stypjen . . . . 't is sawier in bihyplike saek foar my en net sonder gefaer, mar jy wite it sa goed to onderlizzen om my to bilêzen, dat ik my oer de gefolgen net mear biswierd fine kin; wite jy *hwat*? Gean mei de spoekerij jou alde gong en bliûw it mei jins faem iens, it oare scil ik wol klear spylje.

De oare moarns sei de soldaet tsjin 'e kast'lein en syn wiif: Ik ha de geast sjoen en ek mei him yn reden wêst. Hy het tsjin my sein: „Ik bin de oerpake fan de baes út dit weardshûs. Ik hie in dochter, dy 't ik onthjitte oan de betoerpake fan disse syn feint, mar ik kâm myn onthjit net nei; ik joech hjar oan in oaren-ien ta wiif en ik stoar koart dêr nei. Mar ik koe net ta rêst komme en sa draeg ik de straffe for dat ik sa sonder omtinken myn wird briik, en ik kin net rêste ear 't immen fan myn bet-oerpakesizzers troud is mei ien út Janne famylje; dêrom kom ik hjir alle nachten wer yn dit hûs. Mar 't is omdôch, as ik al siz, dat men Janke mei de greatfeint trouwe litte moat, — de soan fan myn pakesizzer is dôf oan dat ear en syn wiif van desgeliken; mar siz hjar asjoubljeaft, mynhear de soldaet, dat se sa gau as 't mar eat mûlk is dogge *hwat* myn bigearte is, ef ik scil yet oars opsylje en se alle beide op in heislike wize pleagje.

De kast'lein, in lichtleauwige kearel, wier alhiel foralte-

reare, do er dit hearde en de kastleinske, dy yet onnoaze-  
ler wier as hjar man, miende dat it spoek hjar al efternei  
siet. Hja joegen dos tawird for it houlik, dat al gau dêrop  
pleats hie. Jan gyng mei syn wyfke yn in oare hoek fan  
'e stêd to wenjen en de soldaet forgeat net om út en troch  
by hjar oan hûs te kommen, hwant dan waerd er altyd  
goed traktearre fan 'e nye kast'lein.

---



Bij den uitgever dezes is mede verkrijgbaar :

## SCHETSEN UIT FRIESLAND,

*in het bijzonder de geschiedenis, betreffende*

Weststellingwerf, Ooststellingwerf, Schoterland, Opsterland en Omstreken

**van vorige eeuwen :**

bijeengebracht door J. H. POPPING te Oosterwolde.

Prijs f 0.75.

---

Deze SCHETSEN bevatten zeer vele bijzonderheden vanaf de vroegste tijden. Verscheidene oorlogen, gevoerd door de Stellingwerfers, Schoterwerfers, Opsterlanders enz., waaruit blijkt, dat de bewoners dezer Grietenijen, aanvangende met de 13<sup>de</sup> en 14<sup>de</sup> eeuw, afzonderlijk strijd voerden.

Verder aantekeningen van al de Watervloeden en den Bodem in de vroegste tijden. Over Godsdienst, Kloosters, Regeeringsvormen, Zeden, Kleederdracht, Onderwijs, Landbouw, Veeteelt, Treurige Tijden, enz. enz. Opkomst van Dorpen, tengevolge van verveeningen en eindelijk :

Plaatsbeschrijving der verschillende dorpen van Ooststellingwerf, Weststellingwerf, Schoterland en Opsterland.



PRINTE BY  
F. J. W. POSTHUMA  
WOLVEGEE.